

Krantsje op sneintemoarn

Tsjerkepaad Aldehaske

ieremoarns heffe foarby it lân mei skiep en lammen
hillige kij de heechmis alwer oan, psalm A7
ek op snein en sloopt de zoabkrúswei
in sober, from paad, ien hânkarre breed
foar sûnders fanachter Stobbegat wei
stjoerman nei heil en segen

it wie

nei de sneinske melkerij geandefoets
dampe greiden troch
op 'e Haskertoer oan
foar foech oardeloere ferlossing
en dan de wei werom
de kant wer op fan swit, stof en stront

it is

by it twadde bakje
dat oer de râne fan 'e krante
buorman achter mei rjocht fan reed
en wurd en siel
stevich ûnder de earm
wer op klok en bingel koerst

myn paradyske foarby